

# PARSEBERJOCHT – Programma-ynformaasje Fryslân DOK

4 maart 2016

## Update: ‘Under de reek fan de REC’

Fryslân DOK op snein 6 maart

**De REC, de Reststoffen Energie Centrale yn Harns, leit fan it begjin ôf ûnder fjoer. Yn oktober ferline jier kaam der by in steuring oardel kear de maksimum hoemannichte dioksine fan in hiel jier frij. Dat die bliken út kontinue dioksinemjittingen dy't der ûnder druk fan kritisy kommen binne. De miljeufergunning stiet lykwols ta dat by steuringen boppe de noarms gien wurde mei.**

Al foar de bou fan de REC yn 2011 wiene der in soad krityske lûden. De diskusje hâldt Harns al jierren yn 'e besnijing. Net allinnich omwenners meitsje harren grutte soargen, mar ek yngenieur Johan Vollenbroek en toksikolooch Abel Arkenbout skriuwe rapporten oer de ferhege dioksine-útstjit. Vollenbroek komt mei in tal oanbefellingen om de ôffaloven te ferbetterjen. Ien fan syn konklúzjes is dat de skoarstien fan de REC omheech moat. Ek in punt fan jierrenlange kontroverze. Omwenners hawwe fanwegen it sâltsoer bytiden lêst fan harren eagen en kiel as de reek nei ûnderen delslacht.

Wat is hjir no wiisheid? Moat de skoarstien omheech? En binne der noch mear saken dy't oanpast wurde moatte? Elkenien wrakset mei de matearje, de polityk is ferdielend en it krêftfjild kompleks. De gemeenten binne oandielhâlder, de provinsje is it befoege gesach en de FUMO de hânhavener. Boargemaster Roel Sluiter fan Harns hat syn nocht fan it 'gedonder' om de REC hinne: "Er moet een oplossing komen, dat ding moet nu goed gaan functioneren".

Is de ôffalsintrale fan Harns unyk yn Nederlân? Yn 'Under de reek fan de REC' jout heechlearaar en miljeusaakkundige Lucas Reijnders syn fyzje op de situaasje. Hy fynt dat slute better is as oanpasse.

### Fryslân DOK: Under de reek fan de REC

Snein 6 maart fan 17.00 oere ôf alle oeren op Omrop Fryslân Telefyzje. Ek te sjen op sneon 5 maart om 15.30 oere en snein 6 maart om 13.00 oere op NPO 2.

Dizze Fryslân DOK is in update fan en ferfolch op de dokumintêre 'Dioxine yn Harns' fan maart 2015.

---

### **Noat foar de redaksje:**

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.

# PERSBERICHT – Programma-informatie Fryslân DOK

4 maart 2016

## Update: ‘Under de reek fan de REC’

Fryslân DOK op zondag 6 maart

**De REC, de Reststoffen Energie Centrale in Harlingen, ligt van meet af aan onder vuur. Vorig jaar oktober kwam er bij een storing anderhalf keer de maximum hoeveelheid dioxine van een heel jaar vrij. Dat bleek uit de dioxinemetingen die er onder druk van critici zijn gekomen. De milieuvergunning staat echter toe dat bij storingen boven de normen gegaan mag worden.**

Al voor de bouw van de REC in 2011 waren er veel kritische geluiden. De discussie houdt Harlingen al jaren in de ban. Niet alleen omwonenden maken zich grote zorgen, maar ook ingenieur Johan Vollenbroek en toxicoloog Abel Arkenbout schrijven rapporten over de verhoogde dioxine-uitstoot. Vollenbroek komt met een aantal aanbevelingen om de afvaloven te verbeteren. Een van zijn conclusies is dat de schoorsteen van de REC omhoog moet. Ook een punt van jarenlange controverse. Omwonenden hebben vanwege het zoutzuur af en toe last van hun ogen en keel wanneer de rook naar beneden neerslaat.

Wat is hier nu wijsheid? Moet de schoorsteen omhoog? En zijn er nog meer zaken die aangepast moeten worden? Iedereen worstelt met de materie, de politiek is verdeeld en het krachtveld complex. De gemeenten zijn aandeelhouder, de provincie is het bevoegd gezag en de FUMO de handhaver. Burgemeester Roel Sluiter van Harlingen is het ‘gedonder’ rond de REC zat: “Er moet een oplossing komen, dat ding moet nu goed gaan functioneren”.

Is de afvalcentrale van Harlingen uniek in Nederland? In ‘Under de reek fan de REC’ geeft hoogleraar en milieudeskundige Lucas Reijnders zijn visie op de situatie. Hij vindt dat sluiten beter is dan aanpassen.

Fryslân DOK: Fryslân DOK: Under de reek fan de REC (Onder de rook van de REC)  
Zondag 6 maart vanaf 17.00 uur ieder uur op Omrop Fryslân Televisie. Ook te zien op zaterdag 5 maart om 15.30 uur en zondag 6 maart om 13.00 uur op NPO 2.

Deze Fryslân DOK is een update van en vervolg op de documentaire ‘Dioxine yn Harns’ van maart 2015.

---

### Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.